

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sijbe Knol Mei-yntsjinner(s):	Moasje nr.	
	Paraaf	
	Wurklistpunt	
	Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	26 febrewaris 2020
Wurklistpunt	Moasje frjemd
Koarte titel fan de moasje	Leechfleanen tsjingean

De Steaten, yn gearkomste byien op 26 febrewaris 2020

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- It Ministearje fan Definsje fan doel is en meitsje wer gebrûk fan de âlde leechfleanrûte 10a oer de eastgrins fan ús provinsje;
- Dat as gefolch dêrfan straaljagers op in hichte fan mar 75 meter fleane meie, wat ta in hiel soad lûdsoerlêst liede sil;

oerwaagjend dat

- De rûte yn 2002 bûten gebrûk stelt is fanwege de lûdsoerlêst en it gefaar foar de fleanerij by Drachten;
- Der doetiids grutte tsjinstân wie by de ynwenners fan Fryslân tsjin it leechfleanen;
- De ferwachting is dat de nije JSF noch mear leven meitsje sil as de notiidske F16;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Sa hurd as mooglik tsjin dit plan fan Definsje om de âlde leechfleanrûte wer yn gebrûk te nimmen te protestearren en derfoar te soargjen dat it net trochgean sil;
- Dêrfoar yn de mande mei de gemeenten op de rûte op te lûken tsjinoer Definsje;
- Dizze moasje ek takomme te litten oan de leden fan de Twadde Keamer en it regear, ynklusyf in oersetting yn it Nederlânsk;

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol
---------------	--